
Edwin de Groot

Graach wat mear dong de kante meter

By de Afûk is fan byldzjend keunstner, skriuwer en dichter Wilco Berga de bondel *Allinne en yn koor – Alleen en in koor* ferskynd. 32 gedichten yn it Frysk en it Nederlânsk. De Nederlânske en Fryske gedichten stean tsjinoer mekoar.

De flaptekst jout oer dichter en bondel de folgjende taljochting:

Njonken de byldzjende keunst en it skriuwen, spilet lûd in grutte rol yn it libben fan Wilco Berga. Net inkeld muzyk, mar ek lûd fan wetter, wyn, bisten en deade dingen, lykas it ritmysk dokkerjen fan treintsjillen, it klapperjen fan in doar. Lûden dy't soms in bysûndere betsjutting krije yn jins libben.

Dan noch it lûd dat minsken sels meitsje, allinne of mei-elkoar. Guon lûden binne foar altyd ferbûn mei mominten yn it ferline, moaie en minder moaie. Dy kinne jin samar yn 'e tiid weromsette. Sa't it kreakjen fan in trep by dat iene hûs heart. It is it motto fan dizze bondel: Lûd sit my yn 't bloed.

DE WERHELLING AS STYLMIDDEL

Berga makket yn de measte gedichten gebrûk fan it stylmiddel fan de werhelling. En dat mei wikseljend effekt. Yn it gedicht 'Sa haw ik songen (as touret-tist)' bygelyks begjint elke strofe mei 'Sa haw ik'.

It gedicht set útein mei it bern dat sjongt 'om te sjongen', ferfolget mei de puber/adolesint dy't ropt en raast en siket om 'e goeie toan' en einiget mei de folwoeksene dy't yn it koor (dat grif as metafoar foar de wrâld sjoen wurde kin) dan wer sêfter en dan wer lûder sjonge moat. Koartsein, net mear sa ûnbefongen as it bern mar him oanpassend oan 'e omjouwing.

De werhelling wurket yn dit gedicht. It ferbynt de strofen en leit klam op de opbou, mar by it lêzen fan de bondel freegje ik my bytiden wol ôf of it gjin manierke oan it wurden is. My steurt it yn alle gefallen nei ferrin fan tiid. It

stylmiddel hat op himsels syn poëtyske krêft, mar sa adekwaat as bygelyks in Elske Kampen gebrûk makket fan de werhelling, kom ik it by Berga yn ferhâlding te min tsjin.

ORIZJINALITEIT FERSUS KLISJEE

Yn it gedicht 'Sirkus Do en Ik' is it sirkus de metafoar foar in relaasje.

De metafoar fan in sirkus mei bylden fan losbrutsen hynders en it sketterjend koper fan de sirkuskapel as aspekten fan in relaasje is net nij en makket foar my dat it gedicht net echt op stoom komt.

Dat is wol spitich want Berga komt mei twa kear 'Oh Mein Papa songen de trompetten' wol mei mysterieuze rigels, mar dy ferdwine wat yn 'e 'drokte' fan wat flakke beskriuwings as 'ús act spile ûnder kleurich seildoek' en 'weagjend op 'e rêch fan wite hynders'. In rigel as 'yn 'e salto moasten wy der stean' dy't dêr dan tuskenyn sit, hie in better lot fertsjinne.

De dichter revansearret him dan wer wat mei it gedicht 'Op 'e planken'. De taal is wer net orizjineel en it teater as metafoar is no ek net echt revolúsjonêr, mar troch it gebrûk fan in ferskaat oan rymfoarmen en foaral troch it ritme bart der wol wat. Ik kin my foarstelle dat dit gedicht him hiel goed foardrage lit.

Wy steane yn it folle poadiumljocht,
sy en ik ha striid op libben en dea.
Sy is it famke, sy is it laam,
sy is de dûvel yn 'e leave faam.

41

En de slotrigel 'it is ús suchtsjen yn it lêste duet' lit wol wat achter.

Mar as jo sa yn in tema as lûd ynvestearje, dan is de útdaging en kom mei nijsgjirrige, orizjinele bylden gjin sinekure.

It gedicht 'Der wie muzyk' is dêr in foarbyld fan. Dêryn falle de klisjееmjittige bylden hiel bot op. Rigels as 'yn keamers dêr 't wyl langer wiene / hiene wy de oar as instrumint' en 'heardest al gau fioelen fan berou' of 'Wêr't wy sliepten streamde muzyk út / boksen fan it deistich libben', komme my al te forsearre oer en dan rêdt in moaie ôfslúting mei in prachtich enzjambemint it gedicht net:

wêr't wy hinne gongen wie de loft
fol lûden dy't wy noch net koene.

Spiritich. It is eksimplarysk foar de bondel; it is as hat de dichter gjin betrouwen yn syn eigen lyryske kapasiteiten – dy't er wier wol sjen lit – en ek gjin betrouwen hat yn de lêzer. Safolle ferwizings nei saken dy't lûd jouwe, sa as

ynstruminten, boksen, fioelen, koar en balladen, safolle bylden yn ferbân bringe mei lûd sa as 'it leafdesspul as tonger mei geknetter, muzyk dy't dwers troch muorren hinne giet en in triljende ierde'; it is tefolle, te planút en dan helpt in moai slotakkoard (no pun intended) net mear.

It gedicht 'Ik werhelje' befêstiget dat nochris. De fantastyske slotstrofe, dy't wat my oangiet meidocht oan de ferkiezing fan de moaiste slotstrofe fan 2015,

Ik werhelje ús stadich âlder wurden,
ik bin it bern dat samar krokodil sei.

giet (hast) ferlern tusken poëtysk frijwat flakke rigels as

ik fersoargje de wûnen fan ús wurden
ik werhelje ús reizen, bin dyn triennen

It gedicht 'Yn stilte fuortfearn' giet ek mank oan flakke rigels:

Nea bin wy bang foar stoarmwaar,
silend as it jongste skipperpear ha
wy krêft en waarmens om te dielen.

42

Wylst yn itselde gedicht dan wol wer dizze prachtige rigels stean:

yn 'e fammekiel sjongt de karrektyt.

Yn de jonge ropt in heaze reiddomp.

Hoe't Berga hjir dan it klisjee fan fûgels yn in leafdesgedicht in tige orizjineel byld meijout is sa'n foarbyld dat de poëtyske krêft wol oanwêzich is.

IT TEMA LÛD EN DE ÚTWURKING DERFAN

It tema fan de bondel krijt yn it gedicht 'It kreakjen fan 'e doar', mei dêryn in persoan dy't yn in leech hûs stiet en him saken yn 't sin bringt, wol de krêft dy't it fertsjinnert:

By it kreakjen fan 'e trep bliuwst
skrokken stean; ea kaam
in jonge thús yn alle stilte,
by ûngelok sloech soms de foardoar

Oan it lûd sit fuort in byld, persoanlik mar ek hiel universeel. Lûd wurdt byld. Wat wol fuort opfalt is de ynterpunksje en dan bynammen de komma oan de ein fan de tredde rigel. It nut kin ik net alhiel neikomme. In komma suggerearret in 'pauze' mar dy is der oan de ein fan dizze rigel sa al om't der neat mei enzjambemint dien wurdt,.

It gedicht 'Leafste, seist' nim ik yntegraal op. It is yn ferbân mei myn krityk dat Berga him mei dizze bondel dochs wol wat liket te fertillen oan it tema lûd in kaaigedicht.

Leafste, seist

Leafste, seist yn gedachten, alderleafste,
hearst yn it waarmbloedich rûzemûzjen
by it earste houlik dat wy oangean binne.

Yn 'e stilte fan 'e dykfeart klinkt it fier,
lykas by ús earste hûs oan it wetter.
Leave wurden keatsten troch de gong,

doe hinne en werom mei stimferheffing.
By earste flokken tinkt men net oan letter
of hoe't earder leafde klonk.

Leafste, seist yn gedachten, lit ús elkoar
wer stikem oer de drompel lokje,
lit ús de tonge brûke foar it wersjen.

Hoe werkenst hjoed-de-dei ús oerallens
fan destiids, wa ken noch dy âlde taal,
mei hokker lûd ferliede je de oar.

Dy't de lokstim kin moat meikomme
nei de feart dêr't it yn 'e hûzen feest is,
dêr't it klinkt as yn in earste houlik.

Der sitte klisjees yn, ek hjir wer ûnnedige komma's oan 'e ein fan in rigel, mar wat yn oare gedichten net alhiel slagget, slagget no wol. Berga benut hjir syn krêft; hy fertelt 'de plot' hast yn 'e rin wei. Krekt sa slûpendewei as de leafde yn in houlik ferdwine/fuortslûpe kin: 'By earste flokken tinkt men net oan letter / of hoe 't earder leafde klonk.'

Ek is de spanning hiel moai oer it gedicht ferdield.

Yn it gedicht 'Hûn', dat fier boppe de oare gedichten útkipet, sit de werhelling wer, mar dy wurket hjir goed. De werhelling wurdt tige konsekwint trochset yn elke strofe en sa evoluearret it wurd sje 'Hûn' fan in ûnpersoanlike, algemiene omskriuwing ta in wurd sje mei in libbene siel, mei in emoasje.

De dichter is hjir yn syn folle krêft, ticht by hûs, persoanlik mar net partikulier, nee universeel en de relaasje mei it bistke wurdt prachtich opboud. Dit kin elkenien gefoelsmjittich neikomme. Ek as jo net fan hûnen hâlde:

Hûn

Hûn koe piipje wat er woe,
in jûn lang achter tichte doarren
koe er janke wat er woe,
it feest gong der net om oer.

Hûn koe hymje lykas wy,
kreune koe er op 'e selde toan,
langút oer de flier mei wiete eagen
lei er op 'e rêch lykas wy.

44

Hûn wie der by op lange reizen,
mei woaste earen út it rût,
byljend nei de wrâld dy't hûn
nea hurd genôch gong.

Hûn mocht net bylje yn 't hotel,
mar hold ús waarm yn it kâlde bêd
– gek op alle teefkes fan Parys
hat er tsjin it âlde marmer miigd.

Hûn koe gûle as in ambulânse
– hûn gûlde sûnder lûd doe't wy
thús mei wiete eagen by him leine,
oan wjerskanten op it kleed.
Hûn, wêr bist no mei dyn piipjen,
hûn, wêr bist mei dyn giele toskan,
sûnder dy bin wy it paad bjuster..
Bylje no mar. Hûn, wêr sitst?

TA BESLÚT

Der sitte yn frijwol alle gedichten moaie rigels, mar spitigernôch kinne se net opbokse tsjin de flakke, somtiden sels wat gemaksuchtige omjouwing. Ik krige te faak it gefoel as set Berga syn poëtyske krêft inkeld yn foar it slot, de lêste strofe en soms sels de lêste rigel. Wat dêrfoar komt hat te lijen fan in te min oan omtinken fan de dichter. Faaks hie de krêft fan it tema ek sterker nei foaren kommen as de útwurking oer wat minder gedichten ferspraat west hie. De poëtyske krêft hie dan by elk gedicht mooglik wat heger west. It hoecht fansels net yn elke rigel te fonkjen, mar wat mear dong de kante meter hie ik graach sjoen.

Sa net, dizze bondel wol ik, nettsjinsteande myn krityk, om in pear gedichten, sa as 'Leafste, seist' en 'Hûn', wol graach yn myn kast ha.

Wilco Berga

Allinne en yn koor – Alleen en in koor

Afûk, Ljouwert 2014

ISBN 9789062734658

Ferkeappriis € 15,00